

# FAN EARTIIDS

*Ik haw ik gjin Pake en Beppe mear,  
'k moat der gauris noch oan tinke  
oan't húske mei it lege dak,  
de kachel mei de baalderbak  
de baskule mei de gewichten,  
't lewant mei de gesichten  
op portretten fan foarhinne,  
fan minsken dy' t er net mear  
binne*

*Ik ha gjin Pake en Beppe mear,  
'k moat der gauris noch oan tinke  
De stâl mei lytse kowerúten,  
de skuorre mei de jonge túten  
De bêdstee-doarren yn de wand,  
en de stoaltsjes tsjin de kant  
Beppe yn har âlderwetske toai,  
wy fûnen it 'er oe sa moai*

*Ik ha gjin Pake en Beppe mear,  
'k moat der gauris noch oan tinke  
'k sjoch Pake stean op't túnderslân,  
mei de skoffel oan 'e hân  
Soms stie der yn syn blaue kile,  
te houtsjen mei in grutte byle  
Middeis in knipperke yn de stoel,  
't erfstik fan ús oarrepake Roel*

*Ik ha gjin Pake en Beppe mear,  
'k moat der gauris noch oan tinke  
Mei Pake gienen we nei it lân,  
wy moasten wjudzje mei de hân  
Yn 'e fakânsjes wienen we de klos,  
dan gienen we der deis op los  
jûns koenen we wèr bedarje,  
krigen soms in sintsje om te sparjen*

*Ik ha gjin Pake en Beppe mear,  
'k moat der gauris noch oan tinke  
Myn susters moasten Beppe helpe,  
Binnen yn en bûten om de lytse  
stjelpe  
De kachel dy moast rikke,  
de wask moast op 'e blikke  
soms op it rak of oan 'e line,  
en dan mar hoopje op sinneskine*

*Ik ha gjin Pake en Beppe mear,  
'k moat der gauris noch oan tinke  
d'r eknoch wol fan wekker lizze,  
wat moatte we d'r noch fan sizze  
wy hien'n 't er altiid goed nei't sin,  
en it wie der oe sa skjinn  
en fierders yn myn betinken,  
heucht my noch it iten en it drinken*

*Mar wat seur ik dochs derom,  
dy tiid komt nea net wer werom  
It libben rint foar elk nei 't ein,  
Mar dermei is noch net alles sein  
Al libje we ek noch sa graach,  
Úteinlik komt dan dochs de fraach:  
'Binne w' oan't ein wol klear,  
foar de moeting mei de Hear?'*

*Jasper Schotanus*

Ta oantinken fan Pake en Beppe út Driezum